

Gearwurkje foar de bêste prestaasje yn it Frysk Kampioenskip Fierljeppen

WINSUM – Fierljepferiening Winsum makket him op foar it Frysk Kampioenskip op 17 augustus. Foar de 68e kear sil dit plakfine yn Winsum. In foarútlik op dit wichtige evenemint.

Troch Jolle Jelle de Vries

We sitte op dit stuit midden yn de Olympyske Spelen. In soad fan jimme sille it ferhaal fan Dorian van Rijsselberghe en Kiran Badloe kenne. Twa surffreonen dy't inoar nedich hiene om alle dagen better te wurden, mar mar ien fan beide koe winne. Se wurde tegearre sa ferskraklik goed, dat Kiran Badloe úteinlik de Olympyske titel fertsjinnet. Freonskippen, inoar alle dagen better meitsje en úteinlik tsjin elkoar stride foar dy iene bysûndere priis, dat is ek wat by Fierljepferiening Winsum ien fan de wichtichste prinsipes is.

In protte ljepers hawwe as dream om te skitterjen op it Frysk Kampioenskip. De bulte fol mei publyk, prachtige waarsomstannichheden en in rekôrsprong meitsje op dizze dei, dat is wêr't ljepers fan dreame.

Elkoar alle dagen better meitsje

It begjint al yn de winter. Yn de gymseal fan Winsum wurdt alle wiken wurke oan krêft en technyk. Begjin april wurdt dan úteinset mei de bûtentrainings. Alle ljepers helpe inoar. Dat moat ek wol, foar elke sprong hast in polshâlder en in coach nedich, dy't efter dy oan rint. Sa bist op elke training dwaande om dyn konkurrint ûnder de wedstriid te helpen om hieltyd better te wurden.

Wer oaren filmje de sprongen en jouwe tips, wêr't de ferbetteringen

sitte om te kommen ta in topsprong. It makket net út yn hokker kategory oftst springst of hoe âld ast bist. Elkenien helpt inoar om de oanrin te ferbetterjen, de ynsprong te optimalisearjen, om sneller te klimmen of om in sterke útsprong te oefenjen, ûnder de besieljende lieding fan in tal fanatike trainers.

De skânsen en al it oare op en rûnom de akkommodaasje wurdt yn perfekte steat ûnderhâlden troch de terreinploech. Alle leden fan de ferieningen soargje der sa mei-inoar foar dat ljepers de kâns krije om it bêste út harsels te heljen.

Freonskippen

Fan april ôf wurdt der twaris yn 'e wike traint en fan maaie ôf binne der ek twa wedstriden yn de wike. De ljepgenoaten wurde dan faak freonen en freondinnen.

Bûten it ljeppen om wurde der ek leuke dingen dien. De jongste jeugd giet byinoar te útfanhúzjen om mei-inoar te boartsjen. De âldere jeugd giet mei-inoar op stap. De feestintinten yn de buert binne populêr, mar ek de Swarte Cross kin altyd rekkenje op de oanwêzi-gens fan Fryske fierljeppers.

Ast freonen bist, dan gunst inoar de moaiste sprong en helpt inoar, wannear't it ris in skoftke tsjin sit.



It team fan Winsumer ljepers makket har reef oar it Frysk Kampioenskip.

© Klaas van der Haring

Wa't winne sil

Krekt lykas de wynsurfers Van Rijsselberghe en Badloe inoar alle dagen better makken, hawwe alle ljepers yn Winsum dat ek mei-inoar dien. Yn de ôfrûne jierren is it tal Winsumer dielnimmers oan it FK flink omheech gien. Dat hat de ôfrûne trije jier al fiif Fryske titels opsmitten foar team Winsum.

Dit jier sille der op 'e nij sa'n tsien Winsumer ljepers meidwaan oan it FK. Se stride om de fiif sulveren tuorkes yn de kategoryen senioaren, froulju, junioaren, jonges en famkes. Dêrnjonken is der in sulveren pòls te winnen foar de manlike ljepster en in glêzen ljepster foar de froulike ljepster mei de fierste sprong.

Dit seizoen hearre de Winsumers Germ Terpstra by de junioaren, Brent Monsma by de jonges en Sanne Bouwstra by de famkes ta de favoriten. De oare Winsumer dielnimmers binne der ek op brând om harren kâns te pakken. Yn it publyk sitte alle fierljepfreonen harren oan te moedigjen om dy iene topsprong sjen te litten.